



## Kabaratduo fiert in moai stikje op

Jo kinne dat wol, der trouwe in pear yn de famylje en dan moat de in stikje komme. Dat wurdt in hiel o-heden, want wat moat der op it pepier komme? It ABC, of fremde foarfallen? It Hantumer kabaratduo har dêr wat op fûn.

Sake en Sije begjinne mei in soarte fan buro dat stikjes makket foar in oar. As slogan hawwe sy de tekst 'Foar in stikje lang as koart, mei Sake en Sije wurdt it altyd wat!' Sy besikje de minsken safier te krijen dat sy fan harren kreativiteit gebrûk meitsje.

En dat slagget aardich. Kees en Froukje gean trouwe en dan binne der fuort al guon dy't it stikje meitsjen leaver oan twa stikjeskriuwers oerlitte.

'In moai stikje' is in programma fan it Hantumer kabaratduo 'Klùn & knoffelhakke'. Sunt 1994 binne sy al op 'n paed mei jûnsfoljende programma's. Dit is it fjierde stik, dat yn 2003 yn premjêre gong. Sneon binne sy yn Oudega (GS) te finen.

Aldegea (GS), de Skeakel, kabarat, sneon, 20 oere